afûk

Sichtber Frysk, Frysk sichtber

Beliedsplan 2020-2024

Meiwurkers 2020 >

Alex de Jager	direkteur
Elisabeth Abels	haad winkel
Stephan Berger	projektmeiwurker ûnderwiis
Lisa Boersma	projektlieder ûnderwiis
Gelske Bosch	projektkoördinator ûnderwiis
Ernst Bruinsma	stêflid / útjouwer
Tjitske van Dijk	projektmeiwurker ûnderwiis
Douwkje Douma	projektkoördinator soarch en oerheden
Jan Douwes	projektmeiwurker ûnderwiis
Renske Engbrenghof	meiwurker winkel
Ida Heddema	meiwurker útjouwerij
Hitty van der Hout	meiwurker winkel
Sjoukje Jager	projektmeiwurker taalpromoasje
Fokke Jagersma	projektkoördinator ûnderwiis / taalpromoasje
Lineke Kuiper	kursusorganisator
Tineke Lemstra	meiwurker finansjele administraasje
Dieuwke van der Meer	haadredakteur heit&mem
Hermien van der Meer	meiwurker útjouwerij
Renske van der Meer	meiwurker kursusûntwikkeling / eksamenorganisator
Sietske Nadema	meiwurker magazyn
Ciska Noordmans	sekretaresse
Hieke Rienstra	projektkoördinator foarskoalsk
Elske Roorda	koördinator marketing en kommunikaasje
Jikke Sikkema	meiwurker finansjele administraasje
Ytsje Steen	korrektor / oersetter
Jantsje Stienstra	projektmeiwurker ûnderwiis
Mirjam Vellinga	stêflid / haad taalpromoasje
Tietja Visser	meiwurker finansjele administraasje
Rieneke Weidenaar	meiwurker foarskoalsk
Gerda van der Wijk	meiwurker winkel / St.U.F.T.
Sito Wijngaarden	meiwurker útjouwerij / taalpromoasje
Simon de Wilde	projektmeiwurker ûnderwiis

Bestjoer 2020

Jeroen Gebben (foarsitter)	boargemaster gemeente Tytsjerksteradiel
Nathan Hornstra (ponghâlder)	selsstannich ûndernimmer finansjeel ynterim management
Anje Wester (skriuwer)	selsstannich ûndernimmer en galeryhâlder
Annigje Toering	earder ûnderwiisadviseur Cedin en fraksjefoarsitter steatefraksje FNP
Tjalling van der Goot	abbekaat Anker & Anker

Advysried 2020

Oebele Brouwer (foarsitter)	boargemaster Achtkarspelen
Frits Mostert	kommunikaasje-adviseur en parsefoarljochter MCL
Wiebe Wieling	bestjoerder OSG Piter Jelles
Hilda Boesjes	adviseur eksterne relaasjes Wetterskip Fryslân
Adriëtte de Jong	rjochter rjochtbank Noord-Nederland
Gelkje Schotanus	fêstigingsmanager Sonnema Boalsert
Geert Jan Douma	direkteur Keninklike Douma Staal Snits
Durk Mous	direksjefoarsitter Rabobank Drachten Noordoost Friesland

Sichtber Frysk, Frysk sichtber

Beliedsplan 2020-2024

afûk



Ynhâldsopjefte

Ynlieding 4

Taalpromoasje 6

Taaloerdracht 11

Kultuer 17

Ynternasjonaal 22

Organisaasje 25

Ynlieding

Yn 2018 kaam it Frysk Sosjaal Planburo mei prachtich nijs: Friezen binne de lokkichste ynwenners fan Nederlân. Dat fernuvere de ûndersikers al wat, want de ynwenners fan Fryslân binne net de rykste. Mar al gau kamen de earste ferklearringen: it fûnemint foar it lokkige gefoel yn Fryslân wurdt foarme troch de iepen mienskip, wêryn't de minsken nei inoar omsjogge, én it prachtige lânskip.
Fansels is de eigen taal yn dat loksgefoel ek tige wichtich. Elkenien ferstiet inoar yn Fryslân, hokker taal der ek praten wurdt. It Frysk is foar mear as de helte fan de Friezen harren memmetaal, dy't alle dagen brûkt wurdt. Boppedat hearre jo oeral om jo hinne Nederlânsk en Ingelsk, en de streektalen bloeie. Dêrmei is Fryslân in foarbyld fan in rike meartalige mienskip, wêryn't it Frysk as deistich kommunikaasjemiddel oerein bliuwt, mar ek essinsjeel is foar in literatuer- en teätertradysje dy't libbet as in hert.
Wa't yn de Fryske mienskip folslein meidwaan sil, wol yn alle gefallen Frysk ferstean en Frysk prate kinne. In grut tal bern krijt dat fan hûs út mei. Oare bern komme der op de berne-opfang of op skoalle foar it earst mei yn oanrekking. Salang as dêr in goed en konsistint oanbod yn it Frysk is, mei in trochrinnende learline, en pjuttelieders en dosinten posityf foar it Frysk oer steane, sille bern dy't thús gjin Frysk prate dat sûnder muoite leare en brûke kinne. Itselde jildt eins foar it skriuwen: wa't Nederlânsk lêzen en skriuwen leart, kin ek Frysk lêzen en skriuwen leare. Om te soargjen dat it Frysk in taal bliuwt dy't oeral brûkt wurdt, is goed ûnderwiis dêryn fan it grutste belang.
As de opgroeiende generaasje it Frysk thús en/of yn de klasse leart, dan is der in grutte slach slein. In hiel soad bern hawwe dat gelok, mar der binne ek noch tefolle dy't hielendal gjin of fierstente min oanbod yn it Frysk krije. Yn it 'Taalplan Frysk' is de situaasje yn it Fryske ûnderwiis op dat punt beskreaun en de Provinsje hat as ambysje om it oanbod op alle skoallen yn it Fryske taalgebiet yn 2030 op it heechste nivo te krijen. De ynfolling fan dy ambysje is ek foar de Afûk ien fan de wichtige spearpunten foar de kommende jierren. Dêrfoar moatte wy de bern en de jongerein benaderje, yn de berne-opfang en op de skoallen, mar ek dêrbûten yn harren deistich libben, mei oansprekkend materiaal en op in toan dy't past by dizze tiid.
De studinten yn it beropsûnderwiis krije dêrby rom omtinken. In soad fan dy studinten fine aldergelokst nei harren oplieding wurk yn Fryslân. Yn gearwurking mei wurkjouwers yn de provinsje wurdt wurke oan in positive taalhâlding foar it Frysk oer. En, noch better, taalfeardigens krijt folle mear in fêst plak yn de oplieding.
De ûntwikkeling fan talint en oandacht foar nije learders heart dêrby. Bern, jongeren en nije learders foarmje ommers de libbensier fan in taal. Foar folwoeksenen dy't it Frysk leare wolle, hawwe wy in grut kursusoanbod. Dat wurdt oanbean oan partikulieren dy't sels it inisjatyf nimme, mar wy meitsje ek kursussen op maat foar groepen út gemeenten, ynstellingen en bedriuwen wei.
It Frysk is yn Nederlân de twadde rykstaal. Ofspraken dêroer binne goed fêstlein op nasjonaal nivo yn de 'Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) 2019 – 2023' en yn de 'Wet gebrûk Fryske taal'. De posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis is yn ferskate ûnderwiiswetten fêstlein. Dêrneist

jout it ‘Europeesk Hânfêst foar regionale talen en minderheidstalen’ en it ‘Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden’ beskerming op Europeesk nivo. Dêrmei is de formele kant yn de ôfrûne desennia goed ôfdutsen: de struktuer is der. Mar yn de praktyk is der fansels noch in soad te dwaan.
De Afûk wol dat it Frysk sichtber wurdt yn de iepenbiere romte. Dat giet hân yn hân mei in mear selsbewuste hâlding fan de Friezen tsjinoer harren eigen taal. Lit sjen hokker taal wy hjir mei inoar prate, stap de drompel oer en brûk it Frysk oeral. Fiel dy frij om it Frysk te brûken yn de winkel, yn de soarch, yn it bedriuwslibben, by de oerheid en de rjochterlike macht. Sprek de taal fan dyn hert. Tink net te gau dat dyn Frysk net geef genôch is, mar brûk de taal wêr’tsto wolst. Sjen litte wa’tsto bist, dat dochst ek mei de taal dy’tsto brûkst. Dat wurkjen oan sa’n taalhâlding en oan taalassertiviteit en it hearber en sichtber brûken fan it Frysk is foar ús in reade tried foar de kommende jierren.
Wy fine it tige wichtich dat der in goed en breed oanbod oan Frysktalige boeken is, want in taal moat ek brûkt wurde yn wurd en skrift. Dêrom jouwe wy romans, dichtbondels en non-fiksjeboeken yn it Frysk út, wolle wy ús skriuwers goed begeliede en nij talint kânsen biede. Yn ús boekwinkel en yn de websjop ferkeapje wy alle boeken yn it Frysk en oer Fryslân.
Ynspiraasje bringe en helje wy ek yn it bûtenlân. Mei ús ynternasjonale partners út oare lytse taalgebieten sjogge wy wat wy oan foarbylden út it bûtenlân brûke kinne yn ús Fryske situaasje. Mar wy wolle ús partners fansels ek stypje mei foarbylden fan hoe’t wy hjir yn Fryslân saken oppakke. Yn de ôfrûne jierren is in stevich netwurk yn Europa opboud en wy hawwe inoar in soad te bieden.
Yn 2018, it jier fan Kulturele Haadstêd, hawwe wy mei ús allen Fryslân sjen litten oan de wrâld. De besikers wiene ûnder de yndruk en de ynwenners hawwe der in grutter selsbewustwêzen oan oerhâlden. De Afûk hat sjen litten dat wy taal omtinken jaan kinne op in wize dêr’t in soad minsken op ôfkomme. Yn it Talepaviljoen MeM en de Taletún yn de Prinsetún, mar ek yn de Taalkaravaan op toernee troch de provinsje, spile de Fryske taal, yn in meartalige omjouwing en yn kontakt mei oare talen, de haadrol. De enerzjy fan 2018 wolle wy fêsthâlde yn ús aktiviteiten yn de kommende jierren. Wy binne ien fan de lûkers fan de aktiviteiten fan Ljouwert UNESCO City of Literature, sette in nije Taalkaravaan op yn 2020/2021, tinke mei oer in nijsgjirrige programmearring yn (paviljoen) Obe en sille yn de earste Triënnale fan 2022 taal wer op in ferrassende wize sjen litte.
Al dy ûnderwerpen, en noch folle mear, wurde yn dit beliedsplan fierder útwurke. De Afûk sil in soad fan dy saken oppakke yn gearwurking mei oare organisaasjes yn Fryslân en dêrbûten. It motto fan ús foarige beliedsplan wie ‘ferbine en diele’ en dat dogge wy noch altyd. Wy wolle gearwurkje mei alle oare organisaasjes dy’t harren ynsette foar de ferskate aspekten fan de Fryske taal en kultuer. Wy dogge dat by de Afûk út it bewustwêzen wei dat wy in profesjonele organisaasje binne mei kundige en besiele kollega’s dy’t neat moaier fine as wurkje oan de befoardering fan ús taal. Dêrmei helpe wy de Fryske mienskip foarút en bliuwt ús prachtige taal oerein. Dêr wurde wy lokkich fan!

Taalpromoasje

Yn 2018 wie Talepaviljoen MeM it moetingsplak fan Lân fan taal (ûnderdiel fan Ljouwert-Fryslân 2018). Tûzenen minsken hawwe dêr genietsje kind fan in grut ferskaat oan taalaktiviteiten en optredens, mar wat ús it measte bybleaun is, binne de petearen. Petearen oer taal. Troch te praten oer taal waarden de besikers har bewust fan de rol fan taal yn har deistich libben, yn praktyske, mar benammen ek yn emosjonele sin. Wat betsjut it ast in lytse taal as memmetaal hast? Wannear brûkst dy en wannear net? Wat hast meikrigen fan dyn âlden, famylje, freonen, en wat joust sels troch? Wat is dyn 'taalbiografy' en hoe bepaalt dy dyn hâlding tsjinoer de talen dy'tst brûkst?

Wy sjogge it as ús rol om dat petear geande te hâlden: mei jonge âlden, mei skoalbern en jongeren, mei it bedriuwslibben, mei amtners, mei nije learders, mei ús ynwenners.

Mei ús kennis oer taalpromoasje en taalpsychology en ús passy foar it Frysk wolle wy it taalbewustwêzen fan minsken fergrutsje en it brûken fan it Frysk stimulearje. De taal sichtberder meitsje, mar der ek foar soargje dat mear minsken it Frysk op mear plakken hearre. In Frysker en riker lûdelânskip dus.

De Afûk rjochtet him wat taalpromoasje oanbelanget ek yn de kommende beliedsperioade op in brede doelgroep. Fan jonge âlden oant oerheden, fan âldereinsoarch oant de MBU-studint. Wy sette dêrby besteande kampanjes en platfoarmen yn, lykas de Praat mar Frysk-kampanje en *heit&mem*.
De projekten Gemeenten en Frysk, Frysk yn 'e Soarch en it Taalkado wurde fuortset. Mei de kampanjes en de oare projekten en produkten fan de Afûk wolle wy de ynwenners en bedriuwen yn Fryslân fierder bewust meitsje fan harren rjochten en mooglikheden as it giet om it Frysk. Dêrneist wolle wy de minsken bewuster meitsje fan harren eigen taalhâlding en taalgebrûk, harren mear selsbetrouwen jaan om it Frysk op in bewuste en útnûgjende wize te brûken. Alle projekten hawwe mei-inoar mien dat se fleksibel ynsetber binne en oanpast wurde neffens ferlet. Se binne suksesfol om't der fernijd, ferdjippe en ferbrede wurdt.

Om dy fernijing geande te hâlden en ús kennis op it mêd fan taalpromoasje, taalbelied, ûnderwiis en literatuer yn in meartalige kontekst te ferdjipjen en te ferbreedzjen, sille wy gearwurkje yn ynternasjonale projekten en gearwurkingsoerienkomsten oangean mei ferskate Europeeske partnerorganisaasjes.

Wy meitsje tûke ferbiningen (yntern en ekstern) om it Frysk in plak te jaan yn ferskillende domeinen. Sa wurdt it (berops)ûnderwiis ferbûn mei Frysk yn 'e Soarch en Frysk yn it Bedriuwslibben en wurdt it tydskrift en platfoarm *heit&mem* û.o. ynset as ynformaasjekanaal foar de foarskoalske perioade. De Praat mar Frysk-kampanje wurdt dêrby op ferskillende wizen ynset, rjochte op de oanbelangjende doelgroep.

Der sil fierder wurke wurde oan it ferbetterjen fan de posysje fan it Frysk yn it ekonomysk domein. Mei help fan ûnder oare kennissesjes wurdt de mearwearde fan de Fryske taal, kultuer en identiteit foar it bedriuwslibben ynsichtlik makke.

út H. 6 Ekonomysk en sosjaal libben (Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer)

Frysk yn it Bedriuwslibben

It beropsûnderwiis is in wichtige skeakel tusken ús taalpromoasje- en ûnderwiisaktiviteiten. In soad studinten fan dy opliedingen bliuwe nammentlik yn Fryslân wenjen en binne dêrmei bepalend foar it brûken fan it Frysk op de wurkflier, mar ek foar it brûken fan it Frysk yn it deistich libben, bgl. by muzyk- en sportferieningen. Dêrmei is it beropsûnderwiis dé ideale fiedingsboaiem foar it Frysk yn de ferskate ekonomyske sektoaren.

Mei de ferskate partners bringe wy it (winske) plak fan it Frysk yn de oanbelangjende sektoaren yn kaart en oan 'e hân dêrfan jouwe wy stal oan it ûnderwiisoanbod foar de studinten. Tagelyk biede wy konkrete en relevante opdrachten dy't soargje dat it Frysk yn it oanbelangjende wurkfjild mear brûkt en better sichtber wurdt, mar foaral ek op de aginda komt. Sa ferbetterje wy de hâlding foar it Frysk oer, sadat it byld fan it Frysk ûnder jongeren en harren begelieders positiver wurdt. Op dy wize komme de mooglikheden dy't it Frysk biedt mear foar it fuotljocht. Wy stimme fraach en oanbod goed op inoar ôf en sa beynfloedet it ûnderwiis it ekonomysk domein en oarsom.
De Praat mar Frysk-kampanje wurdt ynset foar it ûntwikkeljen fan promoasjemateriaal en kampanjes rjochte op de doelgroepen: studinten, professionals, klanten.

Yn gearwurking mei oerheden en it bedriuwslibben wolle wy de sichtberheid fan it Frysk (en streektalen) ferbetterje. Mei help fan studinten wurdt dy sichtberheid yn de iepenbiere romte yn kaart brocht en presintearre. Op basis dêrfan organisearje wy kennissesjes en wize wy bedriuwen op de mearwearde fan de Fryske taal en kultuer en de mooglikheden dy't der binne om gebrûk te meitsjen fan dy mearwearde.



Frysk yn ’e Soarch

Mei it projekt Frysk yn ‘e Soarch stimulearje wy professionals yn soarch en wolwêzen en brûkers fan de soarch om harren memmetaal te brûken. Wy binne derfan oertsjûge dat it brûken fan de memmetaal in positive ynfloed hat op de kwaliteit fan soarch en tsjinstferliening en sille dat de kommende perioade fierder ûnderbouwe.
Yn ’e mande mei it middelber en heger beropsûnderwiis en it eigen ûnderwiisteam ûndersykje wy hoe’t it taalbewustwêzen en yn it bysûnder it brûken fan it Frysk in fanselssprekkend plak krije kin yn de ferskate soarch- en wolwêzensopliedingen.

It brûken en sichtber meitsjen fan it Frysk yn de soarchorganisaasjes bliuwt wichtich. Neist de tradisjonele soarch wurkje wy mei it projekt Frysk by de Oerheid oan it befoarderjen fan it brûken fan it Frysk yn it sosjaal domein. Foar beide sektoaren steane de sichtberens fan it Frysk, de mûnlinge kommunikaasje en de oansluting by nije digitale technology de kommende perioade sintraal. Dêrby sette wy de Praat mar Frysk-kampanje yn foar it ûntwikkeljen fan promoasjemateriaal en kampanjes rjochte op de doelgroepen: studinten, professionals en kliïnten.

Frysk by de Oerheid

No't hast alle gemeenten taalbelied en taalferoardering fêststeld hawwe, leit de kommende perioade de klam wat gemeenten oanbelanget op it útfieren fan taalbelied. Der sil benammen omtinken wêze foar de sichtberens fan it Frysk, de trochgeande learline yn it ûnderwiis en Frysk yn it sosjaal domein. Gearwurking tusken gemeenten wurdt stimulearre mei mienskiplike aktiviteiten op earder neamde beliedsterreinen en kennisútwikseling by amtnersgearkomsten. Wêr't dat mooglik is, sykje wy gearwurking mei it ûnderwiis, kennisynstellingen en soarch en wolwêzen, en oansluting by oare aktiviteiten dy't op dit mêd binnen de Afûk útfierd wurde. Dêrby wurdt de Praat mar Frysk-kampanje ynset foar it ûntwikkeljen fan promoasjemateriaal en kampanjes rjochte op de oanbelangjende doelgroepen.

Bestjoersorganen dy't gjin gemeente binne, mar wol ûnder de Wet gebrûk Fryske taal falle, bygelyks Feilichheidsregio Fryslân en de Rjochtbank, stimulearje wy aktyf om taalbelied op te stellen en út te fieren. Dêr't wy dat kinne, stypje wy harren dêrby.
By it opstellen en útfieren fan taalbelied wurdt wurke oan de ambysjes dy't gemeenten en oare bestjoersorganen yn it bestjoerlik oerlis 'Mei-inoar foar it Frysk' fêstlizze yn de langetermynaginda 2030.

Fan belang is net allinnich dat elkenien him/har yn it mûnlinge ferkear yn it Frysk ta de oerheid rjochtsje kinne moat, mar him dêrby ek wolkom fielt. Dat freget trochgeand belied fan bewustwurding, fan taallearen en fan oplieding en trening fan elke meiwurker en ek it systematysk útwurkjen fan de sichtberens, bygelyks op websites, yn advertinsjes en buordsjes yn en om de gebouwen.

út oanbefellingen Taalsurvey Fryske Akademy

Bern komme no fan de widze ôf fia allerhande media, berne-opfang en it sosjale netwurk mei it Nederlânsk yn kontakt. Dy ynfloed fan it Nederlânsk is sa sterk dat it neist it Frysk hiel maklik ien fan de memmetalen wurdt. Der is dus alle reden om troch te gean mei foarljochting te jaan lykas mei it al besteande Taalkado oan jonge húshâldingen.

út oanbefellingen Taalsurvey Fryske Akademy

Foarskoalske perioade: Tomke, *heit&mem* en Taalkado

In stevige talige basis is essinsjeel foar it goed meartalich opgroeien fan bern. Wy wolle mei ús materialen, produkten en aktiviteiten in bydrage leverje oan it lizzen fan dy basis. Dat dogge wy troch ynformaasje te jaan oer meartalich opgroeien en troch it meitsjen fan materialen dy't soargje foar in rike taalomjouwing yn it Frysk. Mei dúdlik en ynspirearjend foarljochtingsmateriaal wolle wy opfieders fan jonge bern ynformearje oer in goede meartalige opfieding en entûsjasmearje om it Frysk te brûken, sawol yn de thúsomjouwing as yn in profesjonele setting. It Taalkado en it blêd en platfoarm *heit&mem* binne dêrby essinsjeel foar de ynformaasjefoarsjenning en materiaalûntwikkeling. Mei *heit&mem* rjochtsje wy ús ek op de âlden fan wat âldere bern (0-12 jier).

Wy wolle ynsette op it organisearjen fan mear foarljochtingsaktiviteiten om de kundichheid fan opfieders en meiwurkers fan pjutteboartersplakken te befoarderjen.
Dêrneist sille wy oanhâldend nije oantreklike en brûkbere materialen meitsje dy't derfoar soargje dat opfieders fan jonge bern it Frysk mear brûke kinne en wolle. Thús, by pake en beppe, by de berne-opfang, by de gastâlder, mar ek op 'e telefyzje/tablet en yn de rest fan de omjouwing fan jonge bern. Konkreet fertaalt him dat nei nije ferhaaltsjes, ferskes, filmkes, spultsjes, tips foar aktiviteiten, temakisten en al sa mear. Tomke is dêrby fansels in ûnmisber figuerke. By de ûntwikkeling fan nije edukative materialen slute wy safolle mooglik oan by de lanlike metoaden dy't yn it foarskoalsk ûnderwiis brûkt wurde. Wy soargje dêrby foar in goede trochgeande learline en in goede balâns tusken multymediaal en fysyk materiaal.

De materialen, produkten en aktiviteiten wurde yn goed oerlis mei de gearwurkjende partijen en projekten ûntwikkele en útset. De aktiviteiten dy't yn it ramt fan it Tomke-projekt útfierd wurde, yntegrearje wy yn ús oanbod. Foar it 25-jierrich bestean fan Tomke yn 2021 sille wy ekstra aktiviteiten ûntwikkelje dy't ús doelen foar de foarskoalske perioade stypje.

Beliedsramt
Us aktiviteiten slute oan op de measte haadstikken fan de BFTK: haadstik 2 Underwiis, haadstik 3 Rjochterlike autoriteiten, bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten, haadstik 4 Media, haadstik 5 Kulturele aktiviteiten en foarsjennings, haadstik 6 Ekonomysk en sosjaal libben, haadstik 7 Utwikseling oer de grinzen hinne en de oanbefellingen yn de Taalsurvey Frysk 2018.

Taaloerdracht

Underwiis

De Provinsje Fryslân organisearre op 20 septimber 2018 mei de Ynspeksje fan it Underwiis in konferinsje oer it Frysk yn it ûnderwiis. De hiele Fryske ûnderwiiswrâld siet dy middeis yn Thialf. Foarnaamste ûnderwerp wie de presintaasje fan de resultaten fan it Taalplan Frysk en de reaksje fan de Provinsje en de Ynspeksje dêrop.

Dy middei wie de start fan in nij haadstik yn it ûnderwiis yn it Frysk. Skoallen foar basis- en fuortset ûnderwiis binne ferplichte om it Frysk oan te bieden. It Taalplan Frysk hat yn it rapport 'It is mei sizzen net te dwaan' nochris sjen litten dat it oanbod lang net altyd op it winske nivo sit. De ambysje, dy't troch Ryk en Provinsje yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2019-2023 fêstlein is, is dat op alle skoallen yn it Fryske taalgebiet uterlik yn 2030 alle kearndoelen foar it Frysk op foldwaande nivo oanbean wurde. Fierder wurdt wurke oan in fernijing fan de kearndoelen Frysk.

De Afûk leveret al jierrenlang ûnderwiismetoaden Frysk foar it basis- en fuortset ûnderwiis. Yn de ôfrûne beliedsperioade binne yn it ramt fan it Delta-plan Frysk twa digitale lesmetoaden ûntwikkele: *Spoar 8* foar it basisûnderwiis en *Searje 36* foar it fuortset ûnderwiis. Troch de metoade digitaal oan te bieden, kinne skoallen sels in kar meitsje út in enoarm oanbod oan materiaal op ferskate nivo's.

De metoaden wurde al op in soad Fryske skoallen brûkt en der is foar de measte groepen no in goed oanbod. Yn de kommende jierren sil it oanbod fierder ûntwikkele wurde wêr't no noch ferlet is fan nij materiaal. Boppedat stribje wy konstant nei in aktueel lesoanbod; de ynhâld moat passe by de tiid, de opset moat oanslute by de nijste ûnderwiis-ynsjoggen en it systeem moat brûkersfreonlik holden wurde. Wy geane yn petear mei skoallen dy't ús metoaden brûke om fan harren te hearren hoe't it noch better kin. Skoallen dy't ús metoaden noch net brûke, geane wy bydel om harren de mooglikheden fan ús metoade sjen te litten.

Primêr ûnderwiis

De kontinuë wurksumheden besteane út it aktueel en útdaagjend hâlden fan it oanbod en it bieden fan begelieding. Skoallen kinne alle dagen by de Afûk terjochte mei harren fragen en opmerkingen oan-geande *Spoar 8*. Wy fersoargje de administraasje en soargje derfoar dat alle dosinte- en learling-akkounts oanmakke wurde. Boppedat krije alle skoallen in workshop op maat foar it hiele team.

By de midden- en boppebou sil mear in projektopset brûkt wurde. Binnen de lessesearjes steane grutte talige opdrachten sintraal dy't ek oanslute by de saakfakken. Troch dy lessesearjes yn in projektfoarm te jitten, binne de skoallen frij om

> Wat wolle wy berikke? De kwaliteit fan it fak Frysk op de basisskoalle en yn it fuortset ûnderwiis is op itselde nivo as alle oare fakken.
>
> út Nij Poadium, beliedsnota fan de Provinsje Fryslân

in folchoarder te kiezen. De kar foar in projekt kin ôfhinklik wêze fan it tema, mar ek fan it doel fan de einopdracht, en dêrmei passe by de fyzje en ambysjes fan de skoalle.
Mei projekten foar groep 5-8 kinne skoallen wurkje oan wrâldoriïntearjende tema's én de Fryske taal. Projekten besteane út in grutte talige projektopdracht en nivo-opdrachten op twa differinsjaasjenivo's. Der steane foar elke groep genôch projekten klear om in folslein jierprogramma mei te draaien.

Foar de ynhâldlike ûntwikkeling binne twa saken, dêr't op dit stuit oan wurke wurdt, ek yn de kommende jierren fan grut belang: lêsbefoardering en ferbining mei de saakfakken.

Lêsbefoardering
Keimpe de Krokodil is in fêste figuer yn de metoade *Spoar 8*, foar de groepen 1 o/m 4. Dêrmei is Keimpe foar bern fan 4-8 jier al it gesicht foar it (fak) Frysk. Neist de haadfiguer fan de sykplaten út *Spoar 8* is Keimpe ek it gesicht fan de Lêsline, it materiaal wêrmei't bern it Frysk technysk lêzen ûnder de knibbel krije kinne: Keimpe jout de ynstruksjes. Wy wolle yn de kommende tiid Keimpe ek ynsette foar it stimulearjen fan foarlêzen en sels lêzen by bern yn de leeftiid fan 4-8 jier (groep 1-4). Dat doel sil stimulearre wurde op skoallen, mar ek by âlden thús. De oanlieding foar de wurkgroep is in oanbefelling út it Tomke-ûndersyk, dêr't it ferlet fan in lêsbefoarderingsprogramma foar dy doelgroep út nei foaren kaam is.

Wy stribje nei in yntegrearre programma yn stee fan losse produkten. Wy begjinne 'lyts', mar slute wol fuort oan by besteande middels foar it ûnderwiis (Keimpe), in strategysk foarlêsmomint (Fryske foarlêswike) en bekende gearwurkingsfoarmen mei de biblioteken.
Kwa tema sille wy oanslute by it tema fan de Fryske foarlêswike. Troch yn dy wike oandacht oan Keimpe te besteegjen, wolle wy de lêsbefoardering ferbreedzje mei de doelgroep 4-8 jier, yn stee fan allinnich pjutten. De Fryske foarlêswike fynt plak yn de earste folle wike fan juny en is al jierren in sukses. Troch dat momint en de oanbefelling fan Platfoarm Lêsbefoardering (PLF) mei-inoar te kombinearjen, tinke wy in soad learlingen/bern berikke te kinnen. De lêsbefoardering fynt plak op skoallen en thús en sil dien wurde troch dosinten en âlden (yn stee fan foarlêzers). De Keimpe-wurkgroep stelt materiaal beskikber en fersoarget de promoasje.
Wy wolle ek oare ideeën oangeande lêsbefoardering foar learlingen út groep 1-4 oppakke. Wy sjogge nei de mooglikheden foar digitale printeboeken foar op it digiboerd. Yn de praktyk is dêr in soad ferlet fan. Dosinten soene de digitale printeboeken graach oanbiede wolle fanút de tematyske opset fan *Spoar 8*. Dat projekt kin yn gearwurking mei de útjouwerij foarm krije.
Der is ek in tekoart oan (avi-)boekjes foar groep 3/4. Wy soene graach mear lêsboekjes foar dy doelgroep meitsje wolle. Dy boekjes soene idealiter oanslute moatte by de lêsline, sadat de learde klanken fuort brûkt en tapast wurde kinne yn bybehearrende boekjes. Wy sette dêr op yn mei it Keimpe-projekt, yn in gearwurking mei de útjouwerij.

Ferbining mei de saakfakken
Foar groep 1/2 en groep 3/4 bestiet al in temateek yn *Spoar 8*. Yn 2020 sil ek foar de groepen 5-8 in temateek beskikber makke wurde. Dy temateek slút folslein oan by de saakfakken (tink oan skiednis, natuer, technyk, keunst en sport).
It resultaat fan dat projekt is dat binnen *Spoar 8* skoallen de mooglikheid krije om oan te jaan hoe't se it Frysk jaan wolle. De bypassende taalaktiviteiten en einopdrachten fan de midden- en boppebou wurde keppele oan it referinsjeramt Frysk en jouwe skoallen en begelieders de mooglikheid om mei de lessen Frysk oan te sluten by oare fakken (Content Language Integrated Learning) en harren oanbod gear te stallen op basis fan profyl en ambysje.
Om it tekoart oan nijsgjirrich materiaal passend by de saakfakken oan te foljen en dêr bypassende aktiviteiten by te betinken, wolle wy graach de gearwurking sykje mei kulturele ynstellingen. Mei ynstellingen lykas it Fries Museum, Histoarysk Sintrum Ljouwert en Tryater wolle wy yn de kommende jierren sjen oft wy yn de temateek teksten of audiofisueel materiaal brûke kinne dy't oanslute by de aktiviteiten fan de kulturele ynstellingen. Sa kin dat materiaal op skoalle brûkt wurde yn kombinaasje mei in besite oan de kulturele ynstelling.

Fuortset ûnderwiis

Searje 36 foar klasse 1 bestiet út in rige fan 36 lessen, dy't konstant fernijd wurdt mei opdrachten út de nijste LinKk, útstjoeringen fan de nije searjes fan Omrop Fryslân en oare projekten, sa as Lês No. Klasse 2 en 3 binne ek al te brûken, yn 'e foarm fan projekten (Lear!) mei stipe fan stavering en grammatika (Doch!) en de game Twastriid. Alle projekten fan *Searje 36* wurde gearstald mei in wurkgroep fan dosinten en kollega's fan Cedin. Yn 'e mande mei Cedin bringe wy in nijsbrief út en biede wy stipe oan sawol nije dosinten as dosinten dy't mear ferdjipping hawwe wolle. De Afûk fersoarget de administraasje en it oanmeitsjen fan dosinte- en learlingakkounts.

Searje 36 foar eksamenklassen en Twadde Faze
Yn 2020 folje wy de metoade oan mei TMBU(VMBU)-4 en de Twadde Faze. Dat binne de twa lêste doelgroepen dêr't binnen it fuortset ûnderwiis noch materiaal foar *Searje 36* foar makke wurde moat. De wurkgroep wurdt oanfolle mei dosinten dy't lesjouwe yn dy klassen. De line fan Doch! en Lear! sette wy dêryn troch, mei nije projekten en in ferdjipping fan stavering en grammatika. Boppedat sette wy yn op eksamentraining foar dy klassen.
Yn de jierren dêrnei sille wy de metoade aktualisearje. As earste sjogge wy dan nei klasse 1, om dy oan te passen oan de projektoanpak dy't yn de oare klassen brûkt wurdt. Foar de oare klassen wurdt hieltyd sjoen hoe't de besteande metoade mei mear fariaasje better oanslute kin by it ferlet fan de skoallen.

Grip

Grip is it evaluaasjesysteem Frysk, en bestiet út ynstruminten dêr't de taalfeardigens foar de ferskillende taaldomeinen mei yn kaart brocht wurde kin. Dat kin mei evaluaasjes dy't oan de metoade bûn binne, mar ek mei metoade-ûnôfhinklike evaluaasjes. Alle produkten fan Grip binne te finen yn *Spoar 8* en *Searje 36*. De metoadebûne evaluaasjes steane tusken it lesmateriaal, de metoade-ûnôfhinklike evaluaasjes steane yn de Grip-map, mar binne ek keppele op relevante plakken binnen it systeem. Yn de kommende jierren sille wy ûndersykje hoe't de evaluaasje-ynstruminten brûkt wurde op skoallen. Ek sille wy ynsette op it ymplemintearjen fan de evaluaasje-ynstruminten en it ferbinen dêrfan oan nije projekten foar it primêr en fuortset *ûnderwiis* en it middelber beropsûnderwiis.

Beropsûnderwiis

Yn it middelber beropsûnderwiis (MBU) wurdt it grutste part fan de ynwenners fan Fryslân taret op syn takomst: 70% fan alle ynwenners fan Fryslân mei in beropsdiploma hat in MBU-eftergrûn. Foar in soad studinten is it MBU ek in opstap nei it HBU. Krekt yn it beropsûnderwiis wurdt it ferskil makke as it giet om it brûken fan it Frysk yn it berop, mar ek yn it deistich libben. It is tige wichtich om teory en praktyk oaninoar te keppeljen mei opdrachten út de sektor, om te foldwaan oan it ferlet fan it beropsfjild. Yn it middelber beropsûnderwiis is yn 2019 in grutte slach slein om it Frysk in plak te jaan yn de opliedingen. Fan jannewaris 2019 ôf binne de besteande kontakten mei de ROC's Friese Poort en Friesland College en Nordwin College yntinsivearre. De oanlieding foar it kontakt wie it kardiel Frysk dat al ûntwikkele wie foar soarch en wolwêzen, mar no breder ynset wurde sil en dêrom ek oanpassingen frege. Ut de petearen mei de ROC's hat bliken dien dat der ferlet is fan mear omtinken foar meartaligens en it Frysk binnen kardielen, mar benammen ek binnen it reguliere programma en binnen de (lanlike) ûntwikkelingen dy't geande binne yn de sektor. Wy sjogge dat it slagget om de oandacht foar it Frysk te krijen troch ien op ien mei sektoaren en opliedingen te sjen hoe't wy dat fia maatwurk it bêste oanpakke kinne. Der binne al moaie foarbylden fan gearwurking opset en dat wurkje wy yn de kommende perioade fierder út by alle sektoaren.

Yn it HBU binne no goede kontakten mei de PABU en de learare-opliedingen Frysk fan NHL Stenden Hegeskoalle. Yn de kommende jierren sille dy kontakten noch fierder oanhelle wurde. Foar de oare sektoaren folget in selde oanpak as yn it MBU. Yn 2020 wurdt dêr al in begjin mei makke by de sektor Soarch & Wolwêzen. Wy wolle ek mei de oare opliedingen yn petear om te sjen wêr't ferlet fan is en hoe't wy it Frysk yn it besteande programma oanheakje kinne.

EduFrysk

Yn 'e mande mei ús automatisearringspartner Taal en Digitaal sille wy, neist de trochûntwikkeling, tiid ynromje om goed nei ús systeem eduFrysk te sjen. Alles moat sa simpel, sa yntuïtyf en fansels sa fluch as mooglik wurkje om de brûkersfreonlikheid fierder te fergrutsjen. Troch it groeiende tal brûkers en it útwreidzjen fan it metoademateriaal en alle bykommende funksjonaliteiten is it systeem yn de ôfrûne jierren tige kompleks wurden (sawol oan de achterkant as by guon ûnderdielen yn it gebrûk). Om dy reden sil it ûnderwiisteam al yn 2020 oparbeidzje mei it foltallige team fan Taal en Digitaal om de interface te fersimpeljen en de foarmjouwing te optimalisearjen. De útstrieling fan de ferskillende metoaden wolle wy oanslute litte by de doelgroepen. Yn de fierdere ûntwikkeling fan nije ûnderdielen sille wy dêr ek rekken mei hâlde. Yn oerlis mei de skoallen sille wy sjen oft der neist de digitale metoade noch ferlet is fan ekstra materiaal op papier.

WOW Frysk

Dêrneist hat de Afûk mei it lektoraat fan NHL Stenden Hegeskoalle en Cedin in plan ûntwikkele om de ambysje fan de provinsje om alle learlingen fan it basis- en fuortset ûnderwiis in kompleet oanbod Frysk te garandearjen, yn it jier 2030 te realisearjen. De kearn fan de gearwurking, mei de wurktitel WOW Frysk, is de krêften bondelje en folhâlde, fol oertsjûging en net frijbliuwend. Alle oanbelangjende partijen, skoallen, alle organisaasjes dy't harren stypje kinne by it realisearjen fan de Fryske taalambysjes, en de provinsje as opdrachtjouwer, wurkje steech en doelfêst mei-inoar gear, tsien jier lang. Mei-inoar soargje wy derfoar dat yn 2030 elke learling op elke skoalle yn it Fryske taalgebiet profitearje kin fan in kompleet taaloanbod wêryn't gjin 'nee' te keap is.

Trije pylders drage WOW Frysk: bewustwurding, materiaal en begelieding & skoalling. In ynspirearjend oanbod oan materialen, metoaden en wurkfoarmen stelt alle skoallen yn steat om oan 'e slach te gean en stap foar stap fierder te bouwen. Wêr't dat nedich is, is der begelieding en kinne (takomstige) learkrêften in oplieding krije. Sa wurdt, yn syklussen fan twa jier, planmjittich en resultaatrjochte tawurke nei it realisearjen fan de ambysje.

De 2030-ambysje rjochtet him yn it foarste plak op basis- en fuortset ûnderwiis, mar de trochrinnende learline Frysk is dêryn wichtich. Dêrom is der ek omtinken foar de oansluting op it foarskoalske oanbod en de ferbining mei it ferfolchûnderwiis op MBU- en HBU-nivo.

Kursussen

Nije kursisten dy't Frysk leare wolle, kinne dat op ferskate wizen dwaan: fia ús reguliere kursusoanbod, ús online platfoarm en troch selsstúdzje. Hieltyd mear komme der ek kursussen op maat foar bepaalde beropsgroepen. De online kursus foar soarchprofessionals wie in grut sukses en krijt in ferfolch. Yn de kursussen foar amtners en sjoernalisten sit groei. Dêrneist biede wy workshops taalbewustwêzen en taalassertiviteit oan foar organisaasjes, bedriuwen en partikulieren. De kommende beliedsperioade wolle wy dy line fuortsette en útwreidzje. Wy ûndersykje dêrby ek de mooglikheden fan gearwurking mei dosinten fan it MBU, dy't goede kontakten ûnderhâlde mei wurkjouwers en de taal fan de wurkflier sprekke. It wurkjen mei de koarte modules fan de kursussen Lear mar Frysk, Praat mar Frysk en Skriuw mar Frysk docht fertuten. De kursussen bliuwe populêr. Foar wa't noch mear leare wol, binne der kursussen Taal, kultuer en skiednis. De kursussen wurde jûn yn lytse groepen troch de hiele provinsje en der is in digitale learomjouwing (eduFrysk) om thús mei



> Yn 2030 is Fryslân in meartalige provinsje dêr't it fak Frysk yn it kurrikulum, mar ek as omgongs- en ynstruksjetaal yn it ûnderwiis fanselssprekkend is. Gjin Frysk ûnderwiis omdat it ferplichte is, mar omdat de tafoege wearde fan ûnderwiis yn de Fryske taal yn de praktyk ûnderfûn wurdt.
>
> út Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer

te oefenjen. It kursussysteem en de kursuswebside binne by de tiid brocht. Kursisten kinne fergees in proefles dwaan en mei de taalcheck better ynskatte op hokker nivo oft sy sitte. It A-eksamen is by de tiid en op in heger nivo brocht mei oanpassingen fan it eksamen en it kursusmateriaal. Mei NHL Stenden Hegeskoalle en de Ryksuniversiteit Grins wolle wy sjen nei in noch bettere gearwurking yn de ûntwikkeling en oanpassing fan Fryske taalfeardigenskursussen.

Lesjouwers
De lesjouwers fan de kursussen hawwe foar it grutste part al jierren ûnderfining yn it jaan fan ús kursussen. De lesjouwers fan de takomst wurde oplaat troch de Afûk yn in trajekt fan twa jier, yn gearwurking mei NHL Stenden Hegeskoalle. Sa komme der alle jierren wer nije lesjouwers by.

Undersyk
Der is spesjaal omtinken foar nije learders, dy't tige wichtich binne foar it yn stân en yn libben hâlden fan it Frysk. It is dêrom fan belang om te witten wêrom't sy Frysk leare wolle, wannear't se Frysk brûke en wat harren stimulearret en demotivearret. Om dêr better sicht op te krijen, sille wy yn 'e mande mei de Fryske Akademy/Mercator ûndersyk dwaan nei dy groep en op basis fan de útkomsten in strategy en kampanje ûntwikkelje om fan nije learders ek echt nije brûkers te meitsjen.

Ynternasjonaal
Wy ûnderhâlde goede kontakten mei taallearorganisaasjes yn oare lytse taleregio's. Wy diele ûnderfiningen en ideeën en komme sa ta nije ynsjoggen oer foarm, opset en oanbod fan ferskillende taallearprogramma's. Foar bûtenlanners dy't graach it Frysk leare wolle, biede wy ynternasjonale kursussen oan út it Dútsk en it Ingelsk wei.

Beliedsramt
Slút oan by it Taalplan Frysk en BFTK haadstik 2 Underwiis

Kultuer

Ien fan de moaiste eveneminten fan 2018 barde miskien wol hielendal oan it begjin fan it jier. It wie 26 jannewaris 2018, Kulturele Haadstêd soe pas de oare deis begjinne, en rûnom yn de provinsje waarden ferhalen ferteld. 'Winterjounenocht' fan Waling Dykstra, mar dan yn de ienentweintichste iuw. Húskeamers sieten fol, der wie drokte yn musea en ek yn de Afûkwinkel wie it fol.
De oare deis en de wiken dêrnei gûnze it effekt fan dat wûnderlike barren noch lang troch yn de provinsje. Dy jûn liet sjen, op provinsjale skaal, dat it ferlet fan minsken om ferhalen oan elkoar troch te jaan, ûnfermindere grut is. It wie waarm, it wie oandwaanlik en it liet sjen dat de ynwenners fan Fryslân dêr in soad ferlet fan hawwe. Om al dy redenen wurdt tenei alle jierren sa'n dei mei ferhalen organisearre.
Yn wêzen is dat wat de útjouwerij fan de Afûk ek docht. Fanút in grutte passy foar de Fryske taal jouwe wy skriuwers de romte om Fryske ferhalen en gedichten te skriuwen foar bern en folwoeksenen. Us doel is om in nij perspektyf te bieden foar it skriuwen, it lêzen en de produksje fan Fryske literatuer.
Yn de kommende beliedsperioade hawwe wy as wichtichste aksjepunten om ús boek- en taalwinkel te eksploitearjen as iennichste plak yn de provinsje dêr't álles op it mêd fan it Frysk te finen is. Ek wolle wy de promoasje en ferkeap fan Fryske boeken foar alle skriuwers en útjouwers fersterkje, it oanskaffen en lêzen fan Frysktalige boeken yn it (fuortset) ûnderwiis stimulearje en Frysktalige boeken útjaan. By al dy punten wurkje wy gear mei alle kollegaynstellingen yn it kulturele fjild, lykas Tresoar, Fers, Ljouwert UNESCO City of Literature, It Skriuwersboun, LF2028 en produksjehûs Explore the North.

Utjouwerij

Yn de ôfrûne jierren hawwe wy ús rjochte op fiksje foar folwoeksenen, berne- en jeugdliteratuer en non-fiksje oer taal. De kommende beliedsperioade sille wy dêr ek fierder op ynsette, mei dêrby in pear spesjale oandachtspunten. Wy wolle de sichtberens fan romans en ferhalebondels yntinsivearje. Dat sil betsjutte dat wy yn dat sjenre it jierlikse tal nije titels beheind hâlde wolle. Wy wolle befoarderje dat der mear en nij talint komt foar de berne- en jeugdliteratuer. Wy sykje (ynternasjonale) gearwurking as it giet om de útjefte fan digitale lês- en learprodukten, benammen foar bern, en yn gearwurking mei de Fryske Akademy wurkje wy oan de útjefte fan (papieren) wurdboeken.
As wy de ferliking meitsje mei de lanlike situaasje foar produksje, distribúsje en konsumpsje fan boeken, dan falle in tal saken op. De ynwenners fan Fryslân liene oer it algemien minder boeken, keapje minder boeken en lêze (dus) ek minder boeken. Dat leit foar in part oan ekonomyske omstannichheden, mar it is ek sa dat minsken de lêste jierren harren frije tiid oars ynfolje, wêrby't de konkurrinsje mei smartphone en tablet grut is. Yn Fryslân is dat net oars.
De ferkeap- en liensifers fan e-books binne noch altyd beskieden, mar se groeie lanlik sjoen al, dat is posityf. It oandiel fan e-books leit no op 7,6%. Yn Fryslân fernimme wy dêr noch net folle fan, de ferkeap fan e-books is hiel beheind en dat makket ek dat it oanbod noch net groeit.

Lanlik docht jeugdliteratuer it goed. Yn Fryslân relatyf sjoen ek, mar wy moatte derom tinke dat it oanbod net fierder ferskralet. Dêr wol de Afûk aktyf aksje op ûndernimme. Biblioteken en boekhannels hawwe it dreech. Yn Fryslân ferdwine alle jierren wol in pear ferkeappunten. De biblioteken binne dwaande harren te fernijen en wy wolle út de Afûk wei sjen hoe't de distribúsje fan Frysktalige boeken foar folwoeksenen en bern dêrby fierder oanlûke kin.

Winkel

Yn 2018 wiene wy klear foar in nij publyk dat wy ferwachten yn it ramt fan Lân fan taal en LF2018. Dy ferwachting is mear as útkaam en wy binne derfan oertsjûge dat ek yn de kommende beliedsperioade de winkel syn funksje bewize sil foar Fryslân, de Fryske taal en foar toeristen.
It tal boekhannels yn Fryslân rint fierder tebek en de kennis yn dy winkels fan de Frysktalige produkten kin ek noch wol wat winne oan kwaliteit. Boeken binne oeral op de wrâld te bestellen fia webwinkels, mar it docht bliken dat der noch altyd ferlet is fan in sintraal plak yn de provinsje dêr't alle Frysktalige boeken en in soad oarstalige boeken oer alle aspekten fan Fryslân sichtber binne.
Minsken wolle boeken faak earst efkes besjen, foardat se dy keapje. Dat kin yn ús winkel oan de Bûterhoeke. En wolle minsken leaver thús bestelle, dan kin dat fia ús websjop.afuk.frl.

Lêsbefoardering

In wichtige taak fan de Afûk is lêsbefoardering. Op dat mêd fiere wy tal fan projekten út, lykas dy yn it Tomkeprojekt, de foarlêswike, mar ek de ferhalen/aktiviteiten by DatWieDoeSa.
Op fersyk fan it Platfoarm Lêsbefoardering Fryslân (PLF) fersoarget de Afûk yn 'e mande mei Cedin en Fers alle jierren lêsmateriaal foar in grut lêsbefoarderingsprojekt, dat benammen troch de Stichting Lezen en de Provinsje Fryslân subsidiearre wurdt. It doel is om de jongerein yn it earste jier fan it fuortset ûnderwiis in Frysk boek lêze te litten. It projekt Lês No rjochtet him op alle learlingen yn de earste klasse fan it fuortset ûnderwiis (40 fêstigingen). Om dy learlingen te berikken, wurde de dosinten Frysk benadere troch Cedin. Wy dogge dat mei de bedoeling dat de learlingen in positive lêsûnderfining mei in Frysktalich boek opdwaan kinne. Ek fergrutsje wy sa de lêsfeardigens yn de Fryske taal. Boppedat wolle wy in jierlikse tradysje opbouwe – binnen in multymediaal lêsbefoarderingsprojekt – om yn skoalferbân in Frysktalich boek te lêzen. Dêrby wolle wy de gearwurking stypje tusken ferskate partijen dy't harren dwaande hâlde mei lêsbefoardering foar it Frysk.
Omdat it Lês No-projekt sa suksesfol is yn it fuortset ûnderwiis, wurdt op dit stuit troch de oanbelangjende partijen ûnder lieding fan it PLF wurke oan in útwreiding nei it basisûnderwiis. It Lês No-projekt foar it fuortset ûnderwiis krijt yn 2021 ek in lanlike 'pilot', yn gearwurking mei Stichting Passionata út Rotterdam.

Boeken fan Fryslân

De Afûk wol yn it algemien taal en meartaligens mear sichtber meitsje en nije gearwurkingsferbannen ta stân bringe tusken mienskippen yn en bûten Fryslân. Wy wurkje oan in mienskiplike taalaginda wêryn't taalpromoasje, taaloerdracht, kultueroerdracht en ûndersyk mei-inoar ferbûn wurde. Sa sille wy ek Boeken fan Fryslân ûnderdiel meitsje fan dy mienskiplike taalaginda. Binnen it projekt Boeken fan Fryslân steane ferkeapbefoarderjende aktiviteiten en lêsbefoarderingsaktiviteiten sintraal, en fierder wolle wy minsken mei in fisuele beheining skewiele.

Foar de kommende beliedsperioade sette wy yn op alternative ferkeappunten. It docht alle jierren wer bliken dat neist de boekhannels perfoarst oare ferkeappunten socht wurde moatte foar de distribúsje fan Frysktalige boeken. Fansels binne de útjouwers der sels alle dagen mei dwaande om neist boekhannels en webshops harren boeken mear en better ferkeapje te kinnen. Lykwols is it goed en effisjint om ek kollektyf de potinsjele boekkeapers op te sykjen wêr't sy binne: thús, op merken, 'fairs' en beurzen en wêr ek net. Boeken fan Fryslân besiket dêrom ek alternative ferkeappunten te realisearjen.

De provinsje befoarderet de produksje, fersprieding en it lêzen fan Frysktalige boeken.

út Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer

Sutelaksje
De Sutelaksje hat syn wearde de jongste jierren op 'e nij bewiisd. Boeken ticht by de minsken bringe, is noch altyd ien fan de meast effisjinte manieren om boeken te ferkeapjen. En omdat de sutelaksjes meastentiids troch doarpsferieningen útfierd wurde, stypje wy ek it ferieningslibben yn Fryslân omdat dy ferieningen 25% fan de omset hâlde meie.

Boekewikegeskink
Wy stribje dernei om alle jierren it Nationale Boekenweekgeschenk yn it Frysk beskikber te stellen, yn gearwurking mei de CPNB. Dêrneist krije tal fan Fryske skriuwers yn de boekewike de gelegenheid om mei harren wurk it publyk op te sykjen. It soe moai wêze as op in dei in Fryske skriuwer it nasjonale boekewikegeskink skriuwe mei. In betingst sil dan wêze dat dy auteur ek nasjonaal hiel bekend is, oars hawwe de boekhannels yn de rest fan Nederlân der gjin belangstelling foar.

Dichter fan Fryslân
Boeken fan Fryslân hat fan de Provinsje de opdracht krigen om de Dichter fan Fryslân by te stean yn syn funksjonearjen, om sa rûnom yn de provinsje de poëzy mear sichtber te meitsjen.

Berneboeke-ambassadeur
De Berneboeke-ambassadeur is mei yngong fan 1 jannewaris 2020 yn funksje en jout de Fryske taal en Fryske berneboeken in gesicht. Lida Dijkstra is de earste Berneboeke-ambassadeur en wurdt foar twa jier oansteld. Sy hat as taak Fryske berneboeken, taal en lêzen te promoatsjen en om de taalwille en de wurdskat te ferbetterjen by bern.

> By it fierder ûntwikkeljen fan Ljouwert-Fryslân UNESCO City of Literature en it Taalproduksjehûs sil út de provinsje wei ynset wurde op de Fryske taal as ien fan de twa offisjele talen.
>
> út Nij Poadium, beliedsnota fan de Provinsje Fryslân

De Berneboeke-ambassadeur is in fraachbaak foar bern, âlden, learkrêften en oaren dy't ynteresse hawwe foar Fryske berneliteratuer en taal en wol in brêge foarmje tusken lêzers en brûkers fan de Fryske taal en organisaasjes. De ferkeap fan boeken oan skoallen wurdt ek keppele oan dy aktiviteiten. De aktiviteiten fan de Berneboeke-ambassadeur komme op in eigen webside.

Audioboeken en podcasts
Yn gearwurking mei Praat mar Frysk wurdt in searje podcasts (Boekekast) fersoarge foar literêr proaza. De opnamen wurde dien troch Omrop Fryslân. De distribúsje fan de podcasts fynt plak fia de websiden fan Boeken fan Fryslân, Omrop Fryslân en fansels dy fan de útjouwers en skriuwers sels. Boppedat stipet Boeken fan Fryslân de Christelijke Blinden Bibliotheek finansjeel, om mei mooglik te meitsjen dat Fryske boeken beskikber komme foar minsken mei in fisuele beheining.

Frankfurter Buchmesse

Nederlân is alle jierren oanwêzich op de grutste boekebeurs fan de wrâld. Boeken fan Fryslân hat dêr ek in eigen plakje. Yn de stand ûntfange wy minsken, kinne wy ynformaasje jaan en litte wy

moaie foarbylden sjen fan de Fryske literatuer. Dêrta wurdt in beheind tal nije titels selektearre, yn oerlis mei de útjouwers en it Nederlands Letterenfonds. Mar fansels is der in brede kennis fan de Fryske literatuer dy't dield wurde kin.
Om de ynternasjonale útjouwers dy't fertsjintwurdige binne op de Frankfurter Buchmesse nijsgjirrich te meitsjen nei de Fryske literatuer, is (folder)materiaal makke. Fan elke skriuwer wurdt in koarte biografy skreaun en in gearfetting fan it boek, en in haadstik fan it boek wurdt yn – meast Ingelske – oersetting oanlevere. Direkte ûnderhannelingen oer oersettingen wurde nei de beurs net troch Boeken fan Fryslân dien, mar troch de oanbelangjende útjouwers.

City of Literature

Op 31 oktober 2019 is bekend makke dat Ljouwert 'UNESCO City of Literature' wurden is. Ljouwert hat de nominaasje krigen op basis fan in 'bidbook' dat skreaun is troch Ernst Bruinsma (Afûk), Marleen Nagtegaal (Explore the North) en Claudia Woolgar, mei help fan Sytse Jansma en Anne Graswinckel. No't Ljouwert City of Literature wurden is, wurdt in wurkorganisaasje ynrjochte, ûnder lieding fan in artistyk en in saaklik lieder. De Afûk treedt op as formeel oansprekpunt fan de wurkorganisaasje en leveret de saaklik lieder. Explore the North leveret de artistyk lieder. Foar draachflak, ynspiraasje en toetsing fan de ynhâldlike kwaliteit wurdt in redaksjeried ynrjochte mei dêryn in tal wichtige belutsenen út de Fryske taal- en literatuerwrâld. De wurkorganisaasje krijt syn opdracht yn de foarm fan in opdracht fan de opdrachtjouwers oan de Afûk. De gemeente Ljouwert is pinfierder foar de opdrachtjouwers: Provinsje Fryslân, LF2028 en de gemeente sels.
Ljouwert wurdt ûnderdiel fan in wrâldomfiemjend netwurk fan literatuerstêden, wêrtroch't wy de taal en literatuer fan Fryslân noch mear ûntslute kinne en dêrmei ús kultuer. Dêrneist biedt de titel foar lokale literêre organisaasjes kânsen op gearwurking. Dêr sille alle lêzers en skriuwers yn ús provinsje fan profitearje.
It programma meitsje wy sels, as stêd, as provinsje, as skriuwers, lêzers en belutsen organisaasjes. It giet by it meitsjen fan plannen net allinnich om de koarte termyn, sis mar de eveneminten, mar ek om it kreëarjen fan in bestindige, libbene en ynklusive Fryske literatuer (Frysktalich en net-Frysktalich). UNESCO City of Literature bist en bliuwst ommers! Dêrby falt te tinken oan de profesjonalisearring fan skriuwers en oersetters, oan lêsbefoardering foar bern, jongeren en folwoeksenen, oan ynternasjonale útwikselingen en noch folle mear.
De ambysje om UNESCO City of Literature te wurden is in gefolch fan LF2018 en yn it bysûnder Lân fan taal. Lân fan taal hat yn 2018 in grut programma oanbean mei aktiviteiten, foarstellingen, keunstwurken, tentoanstellingen en romtlike ynstallaasjes yn Ljouwert en Fryslân. De útgongspunten wiene dat alle talen gelyk binne en dat taal gjin grinzen hat. Organisaasjes, taalprofessionals en besikers waarden oproppen om mei te dwaan. Om talen libje te litten, om mei taal te boartsjen en jin út te sprekken. Bliuwend resultaat fan Lân fan taal wie al it paviljoen Obe op it Aldehoustertsjerkhôf yn Ljouwert. No't Ljouwert City of Literature is, krijt ek de gearwurking yn projekten en aktiviteiten in goed ferfolch, mei in gruttere klam op literatuer.
Krekt lykas LF2018 en Lân fan taal lit it útroppen fan Ljouwert ta City of Literature no wer sjen dat it hawwen fan in mienskiplike ambysje wurket.
It inisjatyf en de mooglikheden dy't dêrút fuortkomme, jouwe no al ynspiraasje oan elkenien dy't op in positive, konstruktive wize bydrage wol oan in mienskip wêryn't elk syn ferhaal telt, yn hokker foarm of taal dan ek. De titel UNESCO City of Literature iepenet doarren foar ambisjeuze minsken, nûget út om grinzen te ferlizzen, stimulearret lytse en grutte ideeën foar fernijing. Dy stimulâns om nei bûten te sjen – yn stee fan nei binnen – hawwe wy nedich om ússels sjen te litten, út te daagjen en te ferbetterjen.

Beliedsramt
Slút oan by BFTK haadstik 5 Ofspraken oer de Fryske literatuer, by it taalbelied fan de gemeente Ljouwert en by de doelstellingen fan UNESCO.

Ynternasjonaal

De Afûk sjocht it as syn taak om, as it om taal giet, in ferbinende en ynhâldlike rol te spyljen binnen it (ynter)nasjonale fjild. De Afûk kin dêrby foar in part as gidsorganisaasje funksjonearje, troch sjen te litten wat wy dogge en wat Fryslân te bieden hat oan kennis en projekten op it mêd fan it Frysk en meartaligens. Dat ferheget de status fan it Frysk yn sawol binnen- as bûtenlân.

Dêrneist fergrutsje wy troch ynternasjonale projekten en gearwurkingsoerienkomsten ús kennis op it mêd fan taalpromoasje, taalbelied, ûnderwiis en literatuer yn in meartalige kontekst. It soarget foar ynnovaasje en mear finansjele mooglikheden, om't wy in berop dwaan kinne op Europeeske regelingen, lykas Creative Europe en Erasmus+. Troch it bondeljen fan krêften soargje wy der boppedat foar dat it belang fan lytse talen en meartaligens makliker en heger op de ynternasjonale en nasjonale aginda's fan oerheden en oare organisaasjes komt te stean.

Wy wolle troch in strukturelere gearwurking mei (streek)taalorganisaasjes yn Nederlân en Europa mei-inoar ta in mienskiplike ynternasjonale aginda komme. Dat dogge wy yn gearwurking mei de oanbelangjende partijen yn Fryslân, lykas de Provinsje Fryslân en Mercator.

Dat Ljouwert UNESCO City of Literature wurden is, makket dat wy ûnderdiel wurde fan in grut ynternasjonaal netwurk fan literatuerstêden. Sa kinne wy ús taal, literatuer en kultuer noch mear ûntslute. Dêrneist wreidzje wy ús lidmaatskip út troch it lidmaatskip fan it Network to Promote Linguistic Diversity (NPLD) en it European Language Equality Network (ELEN). Ek wolle wy partisipearje yn ynternasjonale projekten dy't ús kennis fergrutsje en de posysje fan it Frysk ferbetterje.

Om't wy net mei alle regio's yn Europa gearwurkje kinne, hawwe wy in kar makke foar dy regio's dêr't wy al earder suksesfol mei gearwurke hawwe en/of dêr't wy fan tinke dat wy fan harren leare kinne en sy ek fan ús. Dat binne Ostfriesland (op it mêd fan taalpromoasje, útjouwerij), Baskelân (op it mêd fan taalbelied en taalpromoasje), Wales (op it mêd fan produkten/projekten soarch en jonge âlden, taalbelied), Ierlân (op it mêd fan Europeeske Kulturele Haadstêd Galway 2020 en literatuer) en as lêste de Faeröer eilannen (op it mêd fan literatuer en media).

Hjir wurkje wy op ynternasjonaal mêd oan mei:

LISTEN, Erasmus+
De Afûk is partner yn it Erasmus+ projekt LISTEN, dat rjochte is op sprekkers fan lytse talen en it fergrutsjen fan harren taalbewustwêzen en harren taalassertiviteit. It projekt is ûnderdiel fan de Praat mar Frysk-kampanje. (yn 2020-2021 yn ynternasjonaal ferbân, dêrnei bliuwend ûnderdiel taalpromoasje).

NPLD
Binnen it NPLD wurket de Afûk oan it projekt 'European Charter Classroom Activities'. Der wurde ferskate aktiviteiten en in útwikselingsprogramma ûntwikkele foar learlingen fan it fuortset ûnderwiis, om harren kennis te fergrutsjen fan de European Charter of Minority and Regional Languages en fan minderheidstalen yn Europa. (yn 2020)

KH Galway2020
Yn 'e mande mei artysten út Ierlân en oare lytse taleregio's sil in Fryske artyst oan in teatrale produksje meiwurkje: Oró. De produksje hat as tema: Lânskip, Taal en Migraasje. (yn 2020)

ELEN
De Afûk is ien fan de oprjochters fan it Media-netwurk binnen ELEN. Doel is om ta in ynternasjonaal netwurk te kommen fan útstjoerders, produsinten en taalpromoasje-organisaasjes dy't mei in lytse taal wurkje. Fan dêrút wurdt wurke oan in platfoarm en ferskate projekten dy't derfoar soargje dat it mediaoanbod yn lytse talen grutter wurdt. (trochgeand)

Mercator
Foar de Afûk is benammen in rol weilein as útfierder yn praktyske sin, op it mêd fan taalpromoasje, taalbelied en ûnderwiis binnen de ynternasjonale projekten dêr't Mercator oan meiwurket. Mercator nimt dan it wittenskiplike part op him; sa ûntstiet in dúdlike ferbining tusken wittenskip en praktyk. (trochgeand)

UNESCO City of Literature
De Afûk is pinfierder fan Ljouwert UNESCO City of Literature en Ernst Bruinsma is saaklik lieder. (sjoch foar mear ynformaasje it haadstik oer kultuer)

Frankfurter Buchmesse
Boeken fan Fryslân hat alle jierren in stand op de Frankfurter Buchmesse, om besikers en útjouwers te ynformearjen oer en te ynteressearjen foar de Fryske literatuer. Wêr't dat mooglik is, besykje wy ek oare ynternasjonale beurzen, lykas de Bologna Children's Book Fair, en lizze wy kontakten mei bûtenlânske útjouwers. (sjoch foar mear ynformaasje it haadstik oer kultuer)

Organisaasje

Yn de ôfrûne jierren is it ferskaat oan wurksumheden binnen de Afûk hieltyd grutter wurden. Wy hawwe sjen litten dat wy dêr fleksibel mei omgean kinne. Wy hawwe de winkel, de útjouwerij, de kursussen en de ûnderwiismetoaden, mar wy wurkje dêrneist oan in hiel soad wikseljende projekten en kampanjes. Mei ús aktiviteiten foar Lân fan taal kaam dêr yn 2018 noch in hiel nij soarte fan aktiviteiten by. De organisaasje past him alle kearen wer oan by wat de aktiviteiten freegje.
Fan direksje en stêf, fan de projektlieders en fan alle oare meiwurkers freget dat in fleksibele ynstelling, mar ek in blik oer de grinzen fan de eigen ôfdieling hinne. De Afûk is yndield yn trije ôfdielingen: taalpromoasje, taaloerdracht en kultuerpromoasje. Wy hanthavenje dy trije pylders, mar wolle yn de kommende perioade sjen hoe't wy ús organisaasje sa ynrjochtsje kinne dat wy dêr fleksibel mei omgean kinne. It is saak om altyd wer te sykjen nei ferbiningen tusken dy trije pylders. Sa stimulearje wy it om mei inoar mei te tinken en saken wêr't dat kin mienskiplik op te pakken.

Bestjoer en Advysried

De Afûk is yn bestjoerlik opsicht goed woartele yn de Fryske mienskip. It bestjoer bestiet út fiif minsken mei in soad bestjoerlike en finansjele ûnderfining út ferskate sektoaren. It bestjoer wurket neffens de Governance Code Cultuur en komt yn 'e regel fjouwer kear yn it jier gear mei de direkteur. Dêrneist is der in Advysried mei acht leden dy't de Afûk advisearje en as ambassadeur optrede kinne foar de Afûk. De Advysried komt alle jierren twa of trije kear gear mei de direkteur en de foarsitter fan it bestjoer.

Fierdere útwurking en ferantwurding

De grutte linen fan dit beliedsplan sille yn 2020 fierder útwurke wurde yn konkrete projektplannen. Dy plannen binne meast ek foar fjouwer jier: 2021-2025. By it opstellen fan dy projektplannen besjogge wy hoe't wy safolle mooglik de aktiviteiten mei-inoar ferbine en byinoar bringe kinne. Ek geane wy, wêr't dat resultaten opsmyt, altyd de gearwurking oan mei partijen bûten de Afûk.
Alle jierren ferantwurdzje wy ús aktiviteiten yn in jierferslach en in jierrekken. Dêrby jouwe wy, sawol kwalitatyf as kwantitatyf, sa konkreet mooglik ynsjoch yn de resultaten.

Postbus 53
8900 AB Ljouwert

KANTOARADRES
Bûterhoeke 3
8911 DH Ljouwert

+31 (0)58 234 30 70

ynfo@afuk.frl
www.afuk.frl

www.twitter.com/afuk
facebook.com/stichtingafuk
instagram.com/stichtingafuk

yllustraasjes: Jet van der Horst

afûk